

wa wol der noch bewearre: "ik ha der nea fan heard"  
net fan de poedelman of fan Pluk syn petteflat  
fan Jip en net fan Janneke, fan Hindrik Haan syn kraan  
of fan de wrede moard op de spin Sebastiaan

kearsang:

se lizze sa goed yn't gehoar  
dy rekkest nooit wer kwyt  
de teksten en de lieten  
fan Annie M.G.Schmidt

yn Nederlân is yn elk hûs in boek fan har te sjen  
en alle âlden lêze dêr út foar oan harren bern  
sa giet dat generaasjes lang, elk wit it noch sekuer  
de kat van Ome Willem is in stik fan ús kultuer

kearsang:

ja, Annie Schmidt beseach de wrâld troch d'eagen fan in bern  
en liet ús sa dy domme grutte-minske-wereld sjen  
dy bern hiene karakter, dienen fijn har eigen sin  
fan humor en fan fantasij hie Annie net te min

kearsang: